

PARSEBERJOCHT

Ljouwert, 5 oktober 2010

Wetter sintraal by lêzingen Fryske Akademy en Tresoar yn Week van de Geschiedenis

De Fryske Akademy en Tresoar organisearje in twatal lêzingemiddeis yn de lanlike ‘Week van de Geschiedenis’ (16 o/m 24 oktober 2010). By beide middeis stiet de rol fan ‘wetter’ sintraal.

De earste middei hat as tema ‘Overstromingen in Friesland’ en wurdt op sneon 16 oktober 2010 holden fan 13.00 oere ôf by Tresoar oan de Bûterhoeke te Ljouwert. De oare middei – mei as tema ‘De Friese handelsvaart naar de Oostzee in de 17de en de 18de eeuw’ – is op woansdei 20 oktober 2010 om 14.00 oere yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint fan de Fryske Akademy oan de Doelestrjitte te Ljouwert.

Oerstreamings yn Fryslân

By de middei oer de ‘Overstromingen in Friesland’ (sneon 16 oktober) komme Hans Mol (Fryske Akademy), Meindert Schroor (Buro Varenus) en Kerst Huisman op ’e tekst. Hja hawwe it respektivelik oer de oerstreamings yn de midsieuwen, de kustferdigening yn de 16de ieu en de oerstreamings yn de 19de ieu. Njonken de lêzings is der ek in rûnlieding wêrby’t de hichtepunten út de kaartekolleksje fan Tresoar om it tema ‘land en water’ hinne besjoen wurde.

De Fryske hannelsfeart nei de Eastsee

‘De Friese handelsvaart naar de Oostzee in de 17de en de 18de eeuw’ wurdt neier beljochte op woansdeitemiddei 20 oktober. Njonken in algemiene yntroduksje op de Fryske Eastseefaart tsjin de eftergrûn fan it algemiene lanlike tema ‘Land en water’ fan de ‘Week van de Geschiedenis’ troch Hanno Brand (Fryske Akademy), komme ferskate aspekten oan bod. Jan de Vries (Wurkgroep Maritime Skiednis) kiest it perspektyf fan de marine en de seeoarloggen. Aspekten fan it seemannelibben en seemannesymbolyk steane sintraal yn de bydrage fan Rienk Wegener Sleeswijk (Wurkgroep Maritime Skiednis). De middei wurdt besletten mei in bydrage van Siem van der Woude (Tresoar) oer de Sonttolregisters dy’t tsjinje as boarne foar de bestudearring fan de Fryske keapfardij.

De tagong foar beide lêzingemiddeis is fergees. Opjefte is net needsaaklik.



Noat foar de redaksje, net foar publikaasje:

Foar neiere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Mettje de Vries, Kommunkaasjemeiwurker
Fryske Akademy, T (058) 234 30 66, E mdevries@fryske-akademy.nl

Fryske Akademy
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

T (058) 213 14 14
E fa@fryske-akademy.nl
W www.fryske-akademy.nl